



Skippersbuorren om 1910 hinne.



It skip fan de Joustra's 'Hoop op Zegen' mei de opdrukker.

Skippersbuorren Skippers en skippen

Wy fûnen yn it argyf yn Wommels in list mei nammen fan lju út Easterein dy't om 1870 yn in skip(ke) wennen. De measte fan dizze lju wennen oan de Skippersbuorren en wiene turfskipper.

Hjir folget dy list:

Turfskipper **Yme Hielkes Pieksma** (1836-1914) en syn frou **Margaretha Eenkhoorn** (1838-1923) mei fjouwer bern;

turfskipper **Sijbren Spoelstra** (1812-1908) en syn frou **Martje Rinsma** (1816-1874) mei trije bern; boere-arbeider **Daniël Namminga** (1842-1873) en syn frou **Franskjen Elsinga** (1844-1924), mei twa bern; ien fan har wie **Nammen** (1873-1943);

skipper **Oepke Sangers** (1853-1921) en syn frou **Rigtje Meines** (1857-1915) mei twa bern;

Antje Baukes Bakker (1828-), wid-dofrou, mei ien dochter; boere-arbeider **Abe Hemstra** (1831-) en syn frou **Trijntje Kuperus** (1831-); skipper **Sjoerd Sakes Mensonides** (1837-) en syn frou **Akke Sijbrens Walsweer** (1830-) mei trije dochters;

skipper **Doede Tjebbes Kamstra** (1813-) en syn frou **Wijtsche Sijperda** (1823-) mei ien soan; yn 1873 nei Rien fertein; boere-arbeider **Rients Mattheus Houben** (1833-) en syn frou **Hitje Adema** (1841-) mei trije bern;

boere-arbeider **Andries Namminga** (1840-1907) en syn frou **Hiske Hanewald** (1840-1875), letter troud mei **Pietje Adema** (1850-1937), mei twa bern; skipper **Wijbren Joustra** (1843-1927) en syn frou **Andersche Tinga** (1851-1908) mei fiif bern;

boere-arbeider **Jelte Everts Nawijn** (1830-1909) en **Antje Huisman** (1825-1919) mei twa bern; ien fan de jonges wie **Sipke** (1869-1954);

boere-arbeider **Tjeerd Hingst** (1844-1898) en **Nieske Hiemstra** (1848-1914), mei ien dochter: **Foekje** (1871-1949);

mitsler **Pieter Sannes** (1840-) en **Sijmentje Tigchelaar** (1842-) mei fjouwer bern; yn 1876 fertein nei Tsjommearum;

boere-arbeider **Pieter Hornstra** (1844-1902) en syn frou **Sijke Sijtsma** (1840-1925) mei twa bern;

yn 1872 skipper **Antoon Tahon** (1833-) fan Genemuiden en syn frou **Tjitske van der Meer** (1844-) mei ien soan; yn 1898 nei Ljouwert ferfearn;

yn 1879 fan Koartesweach skipper **Homme de Jong** (1846-1919) en syn frou **Grietje Spoelstra** (1847-1887); ien fan har bern wie **Ype** (1890-1969), de lêste skipbewenner fan de Skippersbuorren.

15 febr. 1876
1896.
Dorstenand dan 14 febr. 1876.
bewaard
dorstenand
beoging

Doer en wagens de stingen en
rijpen de reid de zijn wij Algem Armvoog
den van Dorstenand, door omstandigheden
genoodzaakt geworden, om Johanna
Harmens deen en getuigt te Tallbeest
geboeren, en deen ons dan 14 deen in ons
dorstenand opgenomen, de wekelijks en
bediening te verhoogen met 6 hells
op 2 hells ruggen bevoeden en root ten
Beente beend stoff.

Zoo deen met den 14 deen de wekelijks
beestant 11-30 in geld voor 30 Cent beend
stoff en 6 hells ruggen beed, en deen
Zoo lang de deen de de beestant in
de deen tijd deen vereischt.

Algem Armvoogden
van Dorstenand
Harmen Botma beek beend

Wa't dizze lange list oereaget moat ta de konklúzje komme dat mei rjocht en reden praat wurde kin fan de 'Skippersbuorren'.

Ferskate fan dizze lju betriecken stadichoan in hûs yn de buorren. Gans wat nammen sille âldere Eastereinders bekend foarkomme.

Dat de romte yn de Eastereinder opfeart oan de Skippersbuorren faak beheind wie om al dy skippen in plak te jaan, docht bliken út de oantekens fan de tsjerkfâdj fan 16 septimber 1895:

'Verzoek van de Heeren Vlas en L. Fritsma, kapiteins der stoomboot te Wommels voor een aanlegplaats des Dinsdags tot in- en uitlaten van passagiers, goederen aan het land van Jouw de Boer in de nabijheid van het dorp. Vergunning wordt verleend. Zij moeten f 7,50 per jaar aan Jouw de Boer betalen. Nog wordt bepaald een geveerd bord te plaatsen, met het opschrift 'aanlegplaats des Dinsdags voor de stoomboot van Wommels.'

Ljouwerter krante 7 december 1882.

Oosterend, 4 december. Nu de wintervorst vooral de binnenwateren in boeyen gekneld heeft is het voor ons dorp een geluk dat de arbeiders (polderjongens) bij de uitdieping onzer vaart met hunne scheepjes grotendeels vertrokken zijn. Dit in de regel nogal brutale volkje was hier voor de bewoners nogal lastig niet alleen, maar ook de polici had nogal eens moeite met hen. Zoo is door een paar hunner onze polici-dienaar H. uit Wommels laatst een gedeelte van zijn baard uitgetrokken. Het uitgerukte deel van de baard is bij de Regt-bank gedeponeerd om als getuige te dienen bij de behandeling der zaak.

Fral doe't fan om de ieuwiksel hinne oant 1920 ta ferskate terpen om Easterein ôfgroeven waarden, wiene der oan de Skippersbuorren grutte 'parkear'problemen. Yn de tsjerkfâdj-gearkomste-oantekens fan 17 oktober 1900 lêze wy:

'Douwe S. Sandstra en Pier Cnossen, kapiteins der stoomboot, 'de Onderneming' genoemd, vragen om een vaste ligplaats bij het schiphuis van Douwe Sandstra op die plaats, daar thans wel vreemde schippers met hunne schepen leggen bij het afvaren en aankomen der stoomboot, welke veel ongerief veroorzaakt voor passagiers, vee of anderzins. Goedgekeurd.

Afgesproken wordt de seinpaal welk voor de Wommelser stoomboot opstaat voor ligplaats die te verzetten, met het opschrift 'Ligplaats voor de stoombooten Oosterend Kapiteins D. Sandstra en P. Cnossen, voor Wommels kapitein L. Fritsma en Vlas'. Met deze bepaling, dat voor afvaart en aankomst der stoombooten, met behoorlijke tijd voor laden en lossen, geen andere schepen mogen leggen. Zijn de stoombooten vertrokken, dan moet er permissie verleend, om turfschippers of andere schepen op die plaats te mogen leggen, voor lossen en laden, ook wanneer de stoomboot niet vaart en stil aan wal ligt. Als de turfschippers van Oosterend er groote behoefte aan hebben, dient de stoomboot daarvoor ruimte te maken.'

Terpierre

Op de foto kin men achteroan foar it hûs fan **Jan Kamstra**, Skippersbuorren nr. 5, de piip fan de stoomboat De Onderneming III sjen. **Meindert Fritsma (1871-1958)** syn fiskaak leit oan de lânskant.

De Skippersbuorren fol mei skippen. Op 'e foargrûn neffens oerlevering Folkert C. Joustra mei in famke fan him. Folkert is yn 1912 nei Amearika emigrearre. Op 'e eftergrûn moat de stoamboat Onderneming III lizze.



Dat op dizze foto safolle skippen steane, hat te krijen mei it ôfgraven fan de terp fan Wyls. Op it stik lân oer de feart hat in stelling west, dêr't de weintsjes mei terpgrûn by oprieden en sa yn 'e skippen krypt waarden.

De terpmodder waard fral nei it lege midden fan Fryslân ferkocht.



Terpôfgravers op 'e foto: foarste rige f.l.n.r.: Klaas Algera, mei huodsje: Hilbrand Brandsma op 'e lorry. Efterste rige: Goaije Pieksma, Minne Hoekstra, Jan Kooi.

P. Hoekstra hie it der oer dat fan de pleats dêr't **Eliza (Lize, of Eeltsje) van der Veer (1869-1941)** op wenne, trije stikken terplân ferkocht binne oan spekulanten om ôf te graven.



De stoomboat Paul Kruger. Links mei striehoed: Douwe Jetzes Sandstra (1853-1931).



*Yn 'e roef fan it turfskip.
F.l.n.r.: Gerrit Joustra
Jr. (1908-1944), Rinze
Sjoerd (1884-1975),
Gerrit Sjrks Joustra
(1879-1942)*

It ferhaal giet, dat foar it ôfgraven fanút Easterein de toer fan Ytens net te sjen wie, sa heech lei de terp hjir.

Hoekstra's broer, **Minne (1906-1991)**, letter bakker yn De Hommerts, hat dêrby wurke as tramjonge. De grûn waard op kypkarren oer rails ferfierd nei stellingen oan de Ytenserfeart.

Hjir hiene de wurklju trije houten stellingen fan dikke balken timmere. De skippen, (20 oant 30 ton), kamen foar de stegers te lizzen en dêr waarden de folladen karren

yn 'e skippen lege. Mei in hynder foar fiif of seis kypkarren brocht **Minne** de folle nei it skip en de lege werom nei de gravers dy't dan alwer dwaande wiene de folgjende fol te laden. Soks gie dan de hiele dei troch. **Minne** gie simmermoarns healwei fiven fan hûs en kaam jûns faak let thús. Der wurken seis, sân man op ien terp, dêr't ien de terpbaas fan wie. Dy rekkene mei de skippers en de wurklju ôf.

Hilbrand Brandsma (1884-1983) wie handich en sterk. Dat hie er net fan in frjemd, syn heit wie **Johannes Brandsma (1855-1939)**, dy't yn de omgong 'Brand-eben' ('eben' betsjut 'even, eefkes') neamd waard, om't er alles sa gau foar elkoar krige.

Sa wie it mei syn soan, **Hilbrand**, ek. *'Hy hie altiten it earst syn bak fol (2 ton), sette dan kofje as it dêr tiid foar wie en hâlde de saak oprêden,'* skriuwt **Hoekstra**. Der stie in soarte fan keet of grut hok by en dêr skaften de gravers yn, want middeis giene se net nei hûs ta te iten.

P. Hoekstra skriuwt:

*'By de smid hiene wy (**Hoekstra** wie smidsfeint by **Elzinga**) yn de jierren fan it terpôfgraven by't winter ek in soad wurk fan reparaasje oan de kypkarren.'*

Dêr oan de Ytenserfeart stie ek in wyt hûs, it 'terphúske' neamd, in arbeidershûs mei in mole. **Lieuwe Dijkstra (1898-1979)**, troud mei **Tetje Schotanus (1898-1966)** wennen dêr, ear't se har thús op Elba fûnen. Yn de lêste oarloch is it terphúske ôfbrutsen.